



't Boaskjen fan jongelju 1

is swiet as it giet mei âlderried

TYPE AKTIVITEIT

Yn in petear fertelle oer famylje en leafde, nei oanlieding fan it ferhaal oer Tryntsje en Teake

TEMA

Leafde, feest en feestdagen, sjonge en spylje, it libben rûn

OANTAL DIELNIMMERS

1-5

DOER

60+

PERIOADE

1960-1969

SLÚT OAN BY

Alde Leafde, alle ferhalen, yn it bysûnder it ferhaal oer Tryntsje en Teake


Sjoch foar oanfoljend materiaal op de webside datwiedoesa.nl

In eigen húshâlding

Tryntsje en Teake leare elkoar kennen yn de jierren tritich. Famylje is belangryk foar harren. As Tryntsje har frijer net folle sjocht, skriuwt har broer Tjeerd him oft er faker komme wol.

Sa harmonieus giet it net altyd, mar famylje bliuwt famylje en dus belangryk. Doel fan dizze aktiviteit is: fertelle oer famyljeleden oan wa't de dielnimmers goede oantinkens hawwe.

Trochfregje nei konkrete details kin it ûnthâld op gong helpe. Dêrom binne 'trochfregje-fragen' opnommen.



De troufotofan Tryntsje en Teake, 16 juny 1946.

Alde Leafde



Yn Alde Leafde binne brieven byelkoar brocht fan ferskate Friezen dy't yn de perioade 1940-1975 skreaune oan harren leafsten.

leafdebrieven 1940-1975



't Boaskjen fan jongelju... 1

TARIEDING

Freegje dielnimmers fan tefoaren om in trou-album mei te nimmen of in foto-album út de tiid dat se it âlderlik hûs krekt efter harren litten hiene.

WAT JO NEDICH HAWWE

Fan alle dielnimmers:

- Trou-albums of in foto-album út de tiid dat se it âlderlik hûs krekt efter harren litten hiene

Foar alle dielnimmers:

- Pinne en papier
- Kopy fan it ferhaal fan Teake en Tryntsje
- Kopy fan harren brief
- Kopy fan harren foto

It soe wêze kinne dat der dielnimmers binne dy't net sa goed skriuwe kinne. Dat is foar dizze aktiviteit gjin probleem. De oantekeningen binne allinne in stipe foar it ûnthâld. It kin ek sûnder.

Opdracht

Petear oer famylje.

It opheljen fan leuke en nijsgjirrige saken út it ferline oan de hân fan foto's.

Aktiviteit


1. De dielnimmers kieze in foto út dêr't wat leuks of nijsgjirrichs oer te fertellen is
2. De dielnimmers meitsje oantekeningen fan wat se fertelle wolle
3. Elke dielnimmer fertelt om bar oer de eigen foto. Praat in tiidslimy't ôf en hâld de tiid by.

TIP: As it om in grutte groep giet, dan kinne jo de dielnimmers yn lytsere groepkes fan twa oant fiif persoanen ferdiele.

TIP: *Trochfreegje: Stiet der immen op de foto dy't jo earne mei holpen hat? Is der in famyljelid dêr't jo in goede bân mei hawwe of hiene? Kinne jo dêr wat oer fertelle, in foarbyld fan jaan? Wiene der by de plechtichheid en it feest famyljeleden dy't in bepaalde rol hienen? Wiene se bygelyks tsjûge, seremoanjemaster, breidsfamke/-jonker? Wiene der famyljeleden dy't in speech holden of in skets diene?*

As it petear goed rint, binne famylje en leafde tema's sûnder ein. Jo kinne trochprate oer fragen as:

- Koe jo famylje jo ferloofde foar it houlik? Koe jo famylje wat oerwei mei jo feint/faam? Bemuiden jo âlders harren mei de kar fan jo feint/faam?
- Wie praktyske stipe oan krekt troude stellen gebrûklik yn jo omjouwing? Wa soarge foar it feest, de útset en de jurk?
- Koe jo famylje wat oerwei mei de famylje fan jo man/frou? Hie jo famylje bepaalde ferwachtingen oer bygelyks it berop, it leauwen of de eftergrûn fan jo takomstige man/frou? Paste jo oansteande yn dat plaatsje?
- Hoe hawwe jo dat letter sels dien, by bern of famylje? Joegen jo harren advys oer leafde en relaasjes? Hawwe jo advys foar oaren, b.g. foar âlders mei bern op it leafdespaad?



Net elkenien koe earder in fototastel betelje en ek briefkaarten wiene djoer. Dizze briefkaart fan de famylje Posthuma is twa kear brûkt.

